

Redaksjoneel

IT GEHEIM FAN FRYSLÂN

Op 'e webside fan *Ensaſh* stie fan 't hjerst in oprop om ferhalen en essees te skriuwen foar it lêste *Ensaſh*-nûmer fan dit jier:

'It lêste *Ensaſh*-nûmer fan 2018 sil wijd wêze oan it Fryske proaza, mei dêryn ferheljend proaza, besprekken en essees.

Wy sille dat nûmer de titel 'It geheim fan Fryslân' meijaan. Wy referearje dêrmei oan it feit dat Fryske romans en ferhalebondels hieltyd minder lêzen wurde. De Fryske lêskultuer stiet ûnder druk. It Frysk proaza wurdt sa stadichoan in geheim.

Wy nûgje proazaskriuwers en wa't de ambysje hat om ferhalen te skriuwen út om wurk foar dat nûmer yn te stjoeren. Dat kinne teksten wêze fan 1000 oant 2000 wurden. It stiet jo frij, mar foar in bydrage oan dit nûmer soene jo faaks útgean kinne fan it tema, 'It geheim fan Fryslân'. It soe ús tige oanstean as wy yn dat nûmer in moai ferskaat oan nij Frysk proaza publisearje kinne. Wat de essees oangiet nûgje wy jo út om jo idee(ën) op papier te setten oer de mooglike oanpak fan de soarchlike situaasje dat de merk foar Fryske boeken sa krompen is.'

It resultaat ha jo yn hannen.

Yn dit nûmer treffe jo foarst tsien koarte oant hiel koarte ferhalen oan. By guon dêrfan ha de auteurs har troch it tema 'It geheim (fan Fryslân)' ynspirearje litten.

Twad stean der trije essees yn oer de stân fan saken oangeande de Fryske literatuer, rjochte op benammen de ynfastruktuer en yn it bysûnder op it tema 'Hoe krije wy de Fryske boeken by de lêzer'. It essee fan Geart Tigchelaar út 2016 lei der noch as resultaat fan in troch *Ensaſh* oannommen opdracht fan de provinsje om te kommen mei stikken oer de hjirboppe oantsjutte problematyk. Dêr binne as rispinge fan ús oprop in stik fan Oene Spoelstra en ien fan Willem Verf by kaam. Yn *Ensaſh* nû. 2 en 3 fan 2018 stean ek artikels oer dit ûnderwerp.

En tred binne fiif besprekken fan Fryske proazawurken opnommen, dat wol sizze fan fiif boeken dy't hearre ta 'It geheim fan Fryslân'.

Piter Boersma

Ynhâld

3 Redaksjoneel

Hein Jaap Hilarides

4 *De feriening fan de freonen foar de stadige foarútgong*

Lomme Schokker

9 *Fuck Fokke, allez jonge*

Anne Feddema

13 *De kleur fan Drinte*

John Bosma

19 *Tekening*

Meindert Reitsma

20 *Jierringen fan in deadsk bestean*

Gerbrich de Jong

23 *Tymo sjocht omheech*

Geart Tigchelaar

26 *Show don't tell, yn optima forma*

Janneke Spoelstra

30 *It queerjen fan Reinke*

Hidde Boersma

34 *Gean hinne en doch tenei wat goed is*

Margreet de Jong

38 *'Durk Feenstra'*

Hidde Boersma

39 *De wearde fan âld izer*

Ydwine van der Veen

42 *De pôle fan Matteo*

Berber Spliethoff

47 *Sa fier, sa tichteby*

Willem Winters

49 *Dreambyld*

Sipke de Schiffart

51 *In leafde sûnder ein*

Bert Bakker

53 *Laitsjend binnenkomme*

Trevor Scarse

57 *Sliepende wolven*

Oene Spoelstra

62 *Fryslân? Skriuwlân*

Willem Verf

67 *Oanpakke!*

Geart Tigchelaar

72 *Best practices: Hoe komme Fryske teksten by de lêzer?*